

Sjoerd Spanninga: in man dy't bestie troch syn gedichten

De dichter Sjoerd Spanninga wie yn it maatskiplike net wat men neamt in rêdsum man. As der gjin soarchsume freonen west hienen en oaren dy't him nei stien hawwe, dan hie de risping oan fersen dy't er skreaun hat - om de fiifhûndert hinne - grif oanmerklik lytser west, en wa wit wie it dan ek net kommen ta de útjefte fan syn Samle Fersen.

Mar dêr hoecht efterôf net mear oer speuleard te wurden -, juster binne se yn ien bân as nûmer 12 yn de Holder-rige ferskynd by de Fryske Akademy te Ljouwert; yn it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaesje-

sintrum is it earste eksimplaar útrikt oan Dieuwke van Breest Smallenburg út Den Helder, de freondinne dy't de dichter ek yn syn lêste dagen bystien hat.

Sjoerd Spanninga (pseudonym foar Jan Dijkstra) is 1985 yn Skagen ferstoarn. Ta gelegenheid fan it útkommen fan de Samle Fersen is yn it FLMD in tentoanstelling oer de dichter ynrjochte. 'Jin waskje yn it goudstof fan de fantasy' is it motto, nei in rigel út de korrespondinsje mei ien fan syn maten.

Troch Jan Kroes

De konservator fan it FLMD, drs. Tineke Steenmeijer-Wielenga, hat in wiidweidige en boeiende ynlieding by dizze Samle Fersen skreaun. Hja hat de gedichten op't dat neamd

de geuchten sa t dat neamd wurdt 'besoarge' en dat moat in ûnbidich stik wurk west ha. Alle kanten fan de persoan en dichter Sjoerd Spanninga komme yn de ynlieding oan bod. Hja sketst de dichter as in romantikus dy't net folle ha moast fan publisiteit om syn persoan en partikuliere bestean hinne. Gjin niget dus dat der wol in pear fragen iepen bleaun binne. Bygelyks hoe't it no krekt sitten hat mei it fersetsferline fan Sjoerd Spanninga. Hy is nei in publikaasje yn de Heldersche Courant yn 1943 oppakt en feroardiele ta njoggen moanne straffkamp. 'Troch eigen tadwaan' wol sizze dat er him sels oanjoech. Ek oaren waarden fertocht fan in satirysk stik oer in pear NSB'ers en dy woe er der net foar opdraaie litte.

Mar der moat wol wat mear oan de hân west hawwe as inkeld dat krante-artikel want yn 1983 skreau foarsitter S. Havinga fan de Vereeniging Friesland 1940-1945 (distrikt Snits) oan Steenmeijer-Wielenga ûnder oaren dat Dijkstra „tijdens de bezetting steeds bereid is geweest ten dienste van de illegaliteit te werken. Hij heeft voor mij veel werkzaamheden verricht bij het verzamelen van belangrijke militaire gegevens.” Dat is, soe men sizze, mear as in bytsje. Den Helder wie in marinehaven en as ûnderdiel fan de Atlantik-Wall yn sekere sin in foarútsode post fan de Dútsers yn it Westen. Ha dy 'militaire gegevens' dêr mei te krijen hân? De skriuwster fan de

ynlieding hat net lang nei't se mei har wurk útein set wie de dichter opsocht om dêr klearichheid oer te krijen, mar dêr is se net folle wizer fan wurden: „Hy woe der net mear oer prate.”

Sjoerd Spanninga waard op 8 febrewaris 1906 as Jan Dykstra berne op 'e Jouwer. Syn heit Thys Dykstra kaam jong (38 jier âld) te ferstjerren oan tbc. Heit Thys moat wol in man west ha dy't gefoel hie foar de dichterij want fan syn ferbliuw yn it sanatoarium is in skrift mei gedichten fan eigen hân en fan oaren oerbleaun. Lipkje Brandsma (frou Dykstra) troude nei ferrin fan tiid wer mei de timmerman-oannimmer Jetse Kerkstra en fan doe ôf begûn foar soan Jan in soarte fan swalkerslibben, sij it dan binnen feilige maatskiplike ferhâldingen. Dat kaam omt Kerkstra yn in wenarke húsmanne en de gewoante hie mei syn boat sa te sizzen efter it wurk oan te farren. „Sa ha se yn Jutryp en yn Kimswert lein, en ek noch wol op oare plakken”, seit de konservator fan it FLMD.

Dat hat, ûnderstelt se, fan ynfloed west op de persoanlikheid fan de lytse Jan. It wie wat in 'nomadebestean' dat net befoarderlik wie foar geregeld skoallebesyk. „Letter op de mulo-skoalle yn Snits hat Jan dêr lêst fan hân. Hy waard pleage troch de oare bern en faaks leit dêr de oarsaak fan it minderwaardichfielen, dat



Sjoerd Spanninga, skildere troch Sjoerd de Vries. It portret is eigendom fan it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaesjesintrum.